Moasje

(artikel 77 Reglement van Orde gemeenteraad Heerenveen)

Romte foar de takomst fan Aldeboarn-De Deelen

Dizze moasje heart by **:** Begrutting 2027

Yn de iepenbiere gearkomste fan **: 12 novimber 2026**

Tsjinnet it folgjende riedslid dizze moasje yn:

J. Tuimaka-Calsbeek PRO

De ried fan de gemeente **Hearrenfean**, yn gearkomste byinoar,

Wy stelle fêst dat:

- yn it feangreidegebiet fan de gemeente Hearrenfean it gebietsproses **Aldeboarn-De Deelen** rint, dêr't boeren, bewenners, natuerorganisaasjes en oerheden gearwurkje oan in takomstbestindige ynrjochting fan it gebiet;
- binnen dit proses socht wurdt nei oplossingen foar fraachstikken op it mêd fan lânbou, wetterbehear, boaiemdelgong, natuer, rekreaasje en leefberens;
- it kolleezje oankundige hat mei in begruttingswiziging nei de ried te kommen;
- Yn de begrutting wurdt net genôch omtinken joun oan de ûntjouwings yn dit gebiet.

Wy ha neitocht oer en fine dat:

- grutte opjeften allinne mei súkses oanpakt wurde kinne as ynwenners en ûndernimmers mei-eigner binne fan de oplossingen;
- boeren net allinne produsinten fan iten binne, mar ek ûndernimmers, lânskipsbehearders en in ûnmisbere pylder ûnder de leefberens fan it plattelân;

- it gebietsproses Aldeboarn-De Deelen sjen lit dat ferskillen yn belangen net hoege te lieden ta tsjinstellingen, mar krekt liede kinne ta mienskiplike kânsen foar lânbou, natuer, rekreaasje en wenjen;
- it gebietsproses kânsen biedt foar in sterke lânbousektor, in oantreklik lânskip, rekreaasje, bioferskaat en de leefberens fan de doarpen yn it feangreidegebiet;
- de gemeente net de iennige partij is yn it gebietsproses, mar wol in wichtige partner foar ynwenners, ûndernimmers en oare oerheden dy't gearwurkje oan de takomst fan it gebiet;
- in sterke posysje fan de gemeente needsaaklik is om kânsen op kofinansiering fanút provinsje, wetterskip, Ryk en Europeeske programma's it bêste te benutten;
- ynvestearrings yn gebietsûntwikkeling bydrage oan in takomstbestindich en leefber feangreidegebiet.

Wy stelle de rie foar om út te sprekken, dat:

- de gemeente Hearrenfean fertrouwen hat yn de krêft fan gebietsrjochte gearwurking;
- ynwenners en ûndernimmers yn it gebiet perspektyf fertsjinje op in ekonomysk fitaal, leefber en takomstbestindich feangreidegebiet;
- de gemeente in aktive en konstruktive partner bliuwe wol yn de fierdere ûntwikkeling fan it gebietsproses Aldeboarn-De Deelen.

Wy fersykje it kolleezje om:

1. yn de oankundige begruttingswiziging eksplisyt omtinken te jaan oan de fuortgong en fierdere útwurking fan it gebietsproses Aldeboarn-De Deelen;
2. begryplik yn byld te bringen hokker rol de gemeente Hearrenfean de kommende jierren ferfolje wol binnen it gebietsproses en hokker stipe dêrfoar nedich is;

Dizze moasje is: □ Oannommen □ Fersmiten □ Ynlutsen

Stimferhâlding:
.. stimmen foar, riedsleden fraksje(s):
.. stimmen tsjin, riedsleden fraksje(s):

de griffier, de voorzitter,

L. Roest-Jonkers M.A. Fokkens-Kelder